

Snein 4 maaie 2008

St. Jan Deinum

PSALM 9: Gods fijannen komme om!

Gemeente,

Op de earste snein nei de Befrijing yn 1945 preeke professor Miskotte yn it Danktsjinst yn de Nieuwe Kerk yn Amsterdam oer it tema:

Gods vijanden vergaan.

Nei oanlieding fan psalm 9, dy't wy hjoed leze.

“Gods fijannen komme om”

Sa stie op de affiches dy't yn de stêd ferspraet wiene. En de minsken tochten bij dy fijannen fansels oan de Dútsers, dy't nei fiif jier oarloch ferslein wiene. “Gods fijannen komme om”.

En de tsjerke siet stampensfol. Minsken wiene tankber, mar ek nijsgjirrich.

“Gods vijanden vergaan” werhelle Miskoote hielid mar wer yn syn preek, en de minsken tochten: Ja, bliid dat it ferby is, de besetter is ferslein, wy binne frij, Gods fijannen komme om.

Mar oan it ein fan de preek die bliken dat Miskotte in hiele oare fijân op t each hie, dan de Dútsers.

Yn it Alde Testamint komme trije soarten fijannen oan it ljocht.

Der is de kategory fan de fijannen fan it folk Israël. Dat binne de oangrinzende folken dy't Israël fijandich wiene. De frjemde machten dy't it folk Israël fernietigje wolle.

Derneist fyne wy yn it Alde Testamint de saneamde fijan fan de ienling. Sa wie Saul de persoanlike fijan fan David. Yn de Psalmen wurdt dizze persoanlike fijan ek wol 'ferfolger' neamt, of 'goddeleaze'.

En dan is der noch de tredde fijan, dat binne de ûnbehearsbere mytyske machten, dúvelske krêften, dy't in trochgeande terreur foarmje tjsin alles wat my God te meitsjen hat. Wy soenen sizze: It Kwea dat it goede ferstikket. Dúvelske machten, dy't ek minsken ta waansin bringe kinne.

Trije soarten fijannen: De fijan fan it folk, de fijan fan de ienling en de fijan fan de kosmos. Yn Psalm 9 rinne dizze fijanbylden troch elkoar hinne. En der wurdt sein: De fijan sil omkomme. Der stiet sels: Dat God de stêden fan de fijan mei de grûn gelyk meitsje sil, en dat harren namme úreage wurde sil. Der sprekt yn dizze Psalm in grutte ôfkear tsjin de fijan fan Israél.

En dat wylst de Psalm sa moai ynset: Ik wol de Heare loovje mei myn hiele hert, al jo wûnderdieden fertelle. En de Psalm sil bitter eindigje: Ferkearde minsken sille yn it deaderyk bedarje, en God wurdt freege de ferkearde minsken bang te meitsjen, sadat hja witte, dat se mar minsken binne.

Mar Psalm 9 en 10 heare yn oarsprong byelkoar. En oan de ein fan Psalm 10 stiet gelokkich: Lit gjin minske fna dizze ierde oait mear ien bang meitsje. Sadat is liet wer posityf eindiget.

As wy betinke hoe't Israël te lijen hie ûnder de oanfallen fan buurlannen, dan begrype wy dit gebed wol: Dat God frege wurdt om de fijan bang te meitsjen.

Hjir wurdt God de bûnsgenoat yn de striid, yn de oarloch. En dat is ek fan alle tiden. Dat barde yn de Twaade wrâldoarloch ek.

It liket wol as wy hjir de God fan de hurde line moetsje.

En as wy nei de oarlochsgebieten sjogge yn de wrâld hjoeddedei, dan woe ik ek wolris bidde: God, wol Jo no mar yngrype, wol Jo dan mar de hurde line ynsette en in ein meitsje oan selsmoardners, in ein meitsje oan moardpartijen.

Der barre sokke wrede dingen yn de wrâld dat ik tink: Lit God it no sels mar oplosse, wy komme der net mear út.

Mar in oar momint dan tink en bid ik: Hear, help ús om de wapens ta swijen te bringen.

It is yn dizze Psalm ek wer de keunst om te sjen: Wat is fan God en wat is fan de minske.

As wy leze: De ferkearde rekket fertiist yn it wurk fan syn eigen hannen, dan fyn ik dat wol in moaie tasizzing. Der sit de hope yn de diktators úteinlik ten ûnder geane.

Mar ik hald ek wol betinkingen by it ynfoljen fan it Godsbyld mei gewelddieden en wrake.

Dat is in God dy't my net sa sympatyk liket.

It wiene de pasifisten dy't ek yn it begjin fan de 20^e ieuw wraksele hawwe mei de fraach as in Kristen geweld brûke mei. Wat is de missie fan in kristen tsjinoer in wrede besetter?

As wy yn dizze dagen de oarlochslachtoffers betinke dan meie wy fan út ús leauwen ek elkoar meijaan, wat ús opdracht is. De earste opdracht dy't de Psalm ús jowt is: Fertel fan de wonderdieden fan God en hald syn Namme heech.

Dat hawwe party minsken út it joadske folk ek dien yn de 30er en 40er jieren yn Europa: Yn it each fan de gaskeamer, de wûnderdieden fan God neame en sjonge fan syn Namme.

Hokker God moetsje wy hjir? Oan de iene kant de God fan de hurde line, mar derneist ek de God fan ûntferming. Hy ferjit it krite fan de ellindige net, stiet d'r.

Dat God ús net ferjit, dat is in djippe treast troch alle tiden hinne. En dat God ús net ferjit mei ús ek oantrune om syn wûnderdieden te ferheljen.

Dat is in taak foar ús as kristenminsk.

Gods fijannen sille omkomme, sei ds. Miskotte yn de preek bij de befrijing. En alle minsken yn de folle Nije Tsjerke yn Amsterdam tochten: Hy bedoelt de Dútsers.

Mar Miskotte bedoelde in hiele oare fijan.

Miskotte wiisde net mei de finger nei de Dútsers, mar hy sei: Yn elts fan ús skûlet de fijan, yn elts fan ús skûlet eat fan de dúvel.

De grutste fijan slûmet yn de minske sels.

Us grutste fijan dat is de minske sels en de wreedheden dy't de Minsk betinkt en docht. Wy moatte fijannen yn it foarste plak yn ússels sykje, sei Miskotte. En sa wie syn preek ek in warskôging oan it befrijde Nederlân.

Wat is no de missie fan in Kristen yn in wrâld fan oarloch en fertriet en ellinde?

It is noch hieltiid deselde as de missie dy't God meijoech oan Israël yn de begjintiid.

De wichtigste missie fan elts minske, joad, kristen, moslim, pasifist, de wichtigste missien fan elts minske is: Beseffe dat it libben hillich is en dat it libben ten allen tide beskerme wurde moat.

De grutste fijan is de minske sels, dy't Gpd ferjit en mient samar wat dwaan te kinnen.

Miskotte woe sizze: Elts minske kin in fijan wurde fan in meiminske en in fijan fan God.

En om foar te kommen dat wy in fijan wurde fan God of minsken moatte wy werom sjen yn ús hert, en meie wy besykje om súver fan hert yn it libben te stean. It begjint hieltiid wer mei in innerlike súverheid en mei de wil om fanút Gods leafde yn it libben te stean.

Dit is de missie fan de tsjerke: It libben hillich hâlde, elkoar oansprekken bliuwe op de kontouren fan Gods keninryk. Enthousiast bliuwe foar frede en gerjochtheid. En in protest heare litte tjsin ûnrjocht en ferfolging.

Dit is de opdracht dyt wy elkoar ek wer meijowe yn dizze dagen fan betinking. Oan de iene kant meie wy it gruwlike fan de oarlozen net ferjitte, wy meie de slachtoffers net ferjitte.

Mar betinke dogge wy ek, fanút it leauwen dat God ús net ferjit, dat God syn Skepping net ferjit.

En dit is miskien wol it wichtigste bliid boadskip dat wy elkoar jaan kinne. Want wer soe de minske wêze as God syn Skepping ferjit. Litte dan de minske sa wiis wêze dat hja God net ferjit.

Der is gjin fredesoerienkomst dy't oerein bliuwt as dy net droegen wurdt troch Gods leafde en trou.

Gods fijannen sille omkomme.

Einliks is it in bea om in súver gewisse en in súver hert foar minske en wrâld.

Lit ús dy bea hjoed opé lippen nimme en sa ús libben wer weidzje oan Gods keninkryk.

En lit ús hoopje dat God ús liede sil op dat paed fan súverheid en frede.

AMEN